# Boeketip 5

1

## Omke Ûle past op

*Tekst & yllustraasjes: Paul van Dijk*
**€ 14,50**

Omke Ûle sit it leafst thús. Hy hâldt net fan drokte en is oeral benaud foar. Hy is dan ek net bliid as er op syn neefke Eppy passe moat, want Eppy wol de wrâld ûntdekke – op aventoer! Mar doart Omke Ûle dat wol?

2

## Pippi Langkous – Fryske edysje

*Tekst: Astrid Lindgren*
*Yllustraasjes: Carl Hollander*
*Oersetting: Martsje de Jong*
**€ 22,50,-**

Wa ken Pippi Langkous net? It sterkste famke fan 'e hiele wrâld! Se wennet allinnich mei har aapke en har hynder yn Filla Keakelbûnt. Gelokkich komt har heit sa no en dan lâns mei in koffer fol goudstikken. Mei har buorjonkje en -famke Tommy en Annika belibbet se de gekste aventoeren.

3

## Wetterlân - lân fan takomst

*Tekst : Eddy Wymenga*
*Yllustraasjes: Ysbrand Galama*
**€12,50**

Fryslân bestiet foar sa'n 45 prosint út wetter. Net sa frjemd dat wy ús al iuwen drok meitsje oer wetter. Mar hoe krije wy wer kleur yn it lânskip? Fan dit printeboek is ek in Nederlânske edysje ferskynd: Waterland, land van de toekomst.

4

## Passys

*Tekst: Josse de Haan*
**€ 35,-**

Passys is in boek oer in libben yn leafde en literatuer. In boek dat út syn aard wei 'autofiksjoneel' wêze moast. Mar tagelyk hat Josse de Haan dy autobiografyske ynvestearring finaal ûnderút helle, troch in rûts oan perspektiven op dat libben te yntrodusearjen.

5

## Omstreken

*Tekst: Eppie Dam*
**€ 20,-**

*Omstreken* is in ryk yllustrearre bondel gedichten (Frysk en Nederlânsk) dy't Eppie Dam skreau by de abstrakte lânskippen fan Johan Haanstra (1914-1991), skildere yn de perioade dat dy yn Warns, Fryslân, wenne.

Foar dizze en oare boeken, sjoch op **websjop.afuk.frl**

# Wolkom

Boppe de winkel oan it plein by de Aldehou yn Ljouwert, brânt in read Afûk-logo. Wat fynst dêr efter de doar?
In Boek- en Kadowinkel! De Afûk is it plak dêr't alderhande plannen oer de Fryske taal betocht én útfierd wurde – lykas bygelyks heit&mem, de 'Praat mar Frysk'-kampanje en it Taalkado –, dêr't edukative plannen makke wurde – sa as Tomke, metoaden foar it ûnderwiis en kursussen foar 0 – 100 –, en dêr't in grut ferskaat oan boeken útjûn wurdt. Foaral dat lêste sjochst ast de doar iependochst!

Elisabeth Abels-Gorter, haad fan de winkel, fertelt: 'Yn de winkel ferkeapje wy foaral boeken: romans, thrillers, berneboeken, jeugdboeken, en noch folle mear soarten boeken. Elke moanne presintearje wy in tip 10. Wy lêze de boeken sels fansels ek, want wy jouwe graach in persoanlik advys, net allinne oer de boeken dy't wy sels útjûn hawwe, mar ek oer dy fan oare útjouwers dy't yn en oer it Frysk en Fryslân publisearje. Us publyk komt út de regio, mar ek fan oare kontininten, dat is it foardiel fan ús websjop. Ek yn koroanatiid sjogge wy dat de websjop temjitte komt oan it ferlet fan minsken.

Neist de boeken hawwe wy in grut assortimint oan kadootsjes. Der is fan alles foar yn de skoech of ûnder de krystbeam: fan pyama's en leave slabkes oant, fansels, in boek. Want in boek past by elk feestje, by elkenien.'

# Pippi yn it Frysk

Afûk hat Martsje de Jong frege om de klassiker 'Pippi Langkous' oer te setten, in omnibus mei trije boeken, út it Sweedsk wei. In geweldige eare, seit se.

Pippi Langkous is al trije generaasjes lang in heldinne foar de bern. Har ferhalen binne oer de hiele wrâld oerset, foarlêzen en ferfilme. Ik bin der grutsk op dat der no einlik ek in Fryske edysje is. It wie in aardichheid om bygelyks ferskes en briefkes yn Pippi-styl te ferhaspeljen. Mar om earlik te wêzen ha ik ek in kear sa'n Sweedsk wurdgrapke mist. Dêr baal ik wol in bytsje fan.

**Moast Pippi ek oanpast wurde oan 2020?**
Nee, dat wie net noadich. Pippi is tiidleas, neat yn de ferhalen jout dy it gefoel datst in boek fan 75 jier âld sitst te lêzen. Dat makket dat ek yn 2020 elk him noch ferlieze sil yn de aventoeren fan Pippi, Tommy en Annika.

**Wat krije de lêzers kado mei dit boek?**
Pippi hâldt folwoeksenen in spegel foar. Bern binne net dom, kinne in hiel soad, en grutte minsken moatte net altyd sa de baas oer harren spylje wolle. Ha mar gjin noed, Pippi rêdt har wol. Fansels is se it sterkste famke fan 'e wrâld. Se kin in hynder tille, se kin grutte minsken troch de loft smite. Se is ek hiel tûk en seit krekt wêr't it op stiet. Mar boppe-al is Pippi in skat fan in famke, mei in hiel grut hert foar de swakkeren yn de maatskippij, en dêr komt se altyd foar op.

# De fernijde Praat mar Frysk-app:

## altyd in Frysk wurdboek by dy

Hasto de nije Praat mar Frysk-app al? Hy wachtet op dy yn dyn appstore! In handich Frysk wurdboek mei audio, Fryske GIFkes en de Blinder of Blunder-taalkwis. Hielendal fergees!

De fernijde Praat mar Frysk-app bestiet út in superhandich wurdboek Nederlânsk-Frysk/ Frysk-Nederlânsk, sa makkest nea wer in flater! Wolst dyn Frysk byspikerje of fynst it aardich om in Fryske taalkwis te dwaan? Mei de Blinder of Blunder-taalkwis yn de app learst fan alles oer it Frysk en hâldst dyn Frysk by de tiid.

Hast gjin sin om te typen? Mei de nije Praat mar Frysk-app kinst ek de moaiste Fryske GIFkes nei dyn freonen, famylje en oare kunde stjoere. Frysk mei in knypeach!

Benijd? Sykje nei 'Praat mar Frysk' yn de Apple App Store of de Google Play Store, update of download de Praat mar Frysk-app fergees en brûk de app! In protte wille! Mear oer Praat mar Frysk? Sjoch op **www.praatmarfrysk.nl**!




# Oant sjen yn ús winkel!

**ADRES**
Bûterhoeke 3
Ljouwert

(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl

**www.afuk.frl**

**IEPENINGSTIDEN**
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere